

# Hindrik hasjys

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

Hindrik hasjys út 'e Houtgehage	A	C	
rint der hipper as in hippy by	A	D	
hy smookt, hy dealt en hy meditearret	A	C	
en syn eagen steane frijwat high	D	A	
en hy sit mei syn wetterpipe foar de tillevyzje	E7	D	
en ergert him oan de konsumpsjemaatskippij	A	C	A

Hindrik hasjys út 'e Houtgehage  
is no krekt fan de skoalle ôf  
hy wit net wat er wol, mar hy wol net wurkje  
want fan wurkjen stompt in minske ôf  
hy wol leauwe dat hy wol nei India wol, want  
de wiit en de wiisheid dy fynt men dêr al gau

Hindrik hasjys út 'e Houtgehage  
sil liftsje nei India  
en nei in dei as trij stiet er al  
yn de Harkema  
en hy rekket oan de praat mei in nuveraardich fanke  
dat hy tinkt by himsels: ik hâld hjir noch mar in setsje ta

Hindrik hasjys út 'e Houtgehage  
sil mei har nei har famylje ta  
se ha no trije wike ferkearing  
en neffens har heart dat dan wol sa  
en hy hat syn skjin boesgroen oan dien  
't is wol fierste tin, mar it wie dan ek bedoeld foar India

Hindrik hasjys út 'e Houtgehage  
hat sûnt jierren no in pomp fan de Shell  
hy is in offisjele dealer  
fan dy multinational  
en hy jout syn jongste soan in lel  
want dy sit mei de smoarge poaten op syn bankstel